

MR.

Oss, 4 Maert, 1919.

Bêste Michiel en Gatsche en Jan,

Nou't ik in brief yn it Hollânsk en yn it Fransk to bianderjen haw, tinkt my, moat ik my mar twisken beidenyn halde en scil ik mar anderje yn us Fryske tael. Ik tankje Jimme allerhertlikst for de goede winsken op myn jierdei en naemfeast en hoopje mei Jimme, det dy in forfilling gean meije. Tige bliid bin ik, det it Jimme der op Oegekleaster goed giet Jimme soun en fiks binne en der neat to klijen is. Yn it bisunder bin ik Jimme tankber for jimme gebeden. Ja, bid mar altiten goed for dy Osske Hearoom. Sa't ik Heit en Mem sa krekt ek skreut^m haw, haw ik altiten noch in heele drokte. Nou dat kin ek net best oars en as it oars wier, scoe 't wol net lang durje. Myn sounens lit neat to winskjen oer. Fen gryp ef Spaanske syktme haw ik alheel gjin lêst hawn. Yn it kleaster hawwe oars foarâlde jongeljue der noch al mei sukkele. Nou binne hja alle gearre wer sa hwet better. Allinne de Prior is noch siik. Hy wier better en is nei Boxmeer gien en der daelk wer siik wirden. It scil hoopje^{wou} gau wer better werde. De fraters hjir hawwe hjar noch al amusearre mei it iis, ik haw net meidien. Jimme om sa mear, tink ik, nou dat is ek mar goed. Wier ik yn Fryslân, ik scoe der ek net ofbœaun hawwe. It is dit jier noch al moai iis west, Jimme dogge mar greate dingen, sa't Gatsche skriuwt twa bargin slachte, Jonge, jonge, dat sit der hjir noch net oan. Mar it scil swiitsjes wei wol komme. It wirdt al wer in bytsje rommer. Ik haw al wer in liter peteroly. Wy scoenen der for in jier ef hwet gjin drokte fen meitsje. Nou is it heel hwat. It spyt my, det, sa't Jan en Gatsche beide skriuwe, it foer for it fe net to rom is. It gers mei wol hird opkomme. Myn bûrkery giet ek wol ~~ardich~~ aerdich, ik bideel fensels myn tuntsjes, hwent^y de pôles et de lapins, comme Jean le Paysan, je n'en ai pas." Ik bedank Jan hartelijk voor zijn Fransch briefje. Wel staan er een paar foutjes in, maar dat gaat ook moeilijk anders. O, nou bin ik wer oan it Hollansk praten. Hjirby it wirk fen Jan. It giet meiens. Ik slut er de rekking ek byyn. Troch my hawwe Jimme it hwet goedkeaper. Fen Tresia haw ik ek in briefke krigie. Ik scil hjar daelk ek noch anderje. Mei de hertlikste groetenissen,
yn Chr. Jimme

J. Titus.

X "Hinnen en keninen, lyk as Jan de Boer, dy haw ik net "